

---

## SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

---

Fan : *Sicco Rypma, FNP*  
Datum fan yntsjinjen : 27 jannewaris 2022  
Oan (*kar*) : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders  
Ûnderwerp : Ferkearsfeiligens Himerterleane diel 2  
Wize fan beantwurdig : Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd: 25-02-2022  
(as it fan tapassing is)

Datum beantwurdig :

### Oanlieding:

- Ferûntrêste oanwennende hawwe de FNP sneon 22 jannewaris 2022 ynformearre oer ‘wer auto te wetter’ Himerterleane Burchwert - Wytmarsum.
- Sy skriuwe: *“It is tige wichtich om oan te jaan dat de ferkear remjende faktor foar dizze wei meast wichtich is. De wei is sels net yn optimale kondysje mar noeget wol om hurd te riden dat makket dizze dyk no krekt sa gefaarlik foar ûngelokken. It kolleezje joech sels al ris oan dat de faasje op dizze wei heech is. Mar dizze wei kin faaks better omskreaun wurde as in strjittecircuit. By it lêste ûngefal hat de bestjoerder neffes de plysje wol sa’n 120 riden. Op taheake foto fan it ûngefal wert m’n dúdlik de spoaren sjocht mar in auto dy’t oarsom yn de feart leit. Sa hurd rydt men”. Sjoch foto side 2.*
- 14 jannewaris 2021 hat de FNP ek fragen steld, sjoch [Skriftelike fragen FNP Himerterleane diel 1](#)
- len fan de konklúzjes wie doe: *Yn konkrete termen en te fergelykjen mei al oanpakte diken, soe dit betsjutte om de dyk te foarsjen fan snelheid redusearjende maatregels en saneamde bermferhurding.*
- Septimber 2021 binne gatten yn de bermen oan dizze leane mei modder en pún tichtmakke. Sjoch foto’s op side 2

### It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beäntwurdzjen:

1.	Hat it kolleezje tusken jannewaris 2021 en no plannen makke om <ol style="list-style-type: none"><li>de bermen adekwaat op te knappen.</li><li>dizze dyk ferkearsfeilich te meitsjen mei ferkearsremmers.</li><li>It wurk nei foaren te heljen</li></ol>
	Antwurd: Nee, der binne gjin konkrete plannen foar saneamd bermbeton. Wol wurde de bermen opfuld (‘feilich steld’) as der kûlen binne. Utgangspunt (lykas ferwurde yn it GVVP) is oanpassingen (lykas ferkearsremmers en bermbeton) oan te bringen as de dyk ta is oan grut ûnderhâld. Dit grutte ûnderhâld stiet yn 2040 op ‘e list. Technysk is der op dit stuit gjin oanlieding om it wurk nei foaren te heljen. De oarsaak fan it ûngemak is besprutsen mei de plysje, dy’t ûndersyk dien hat. Neffens de plysje hat it ûngemak neat te krijen mei de dyk, mar mei ûnachtsemens fan de sjauffeur
2.	Sitaat riedsstik evaluaasje GVVP 4 april 2019: <i>‘Het GVVP is in 2013 vastgesteld. Het plan heeft een looptijd van 10 jaar’</i> . It GVVP moat dus foar april 2023 opnij fêststeld wurde.

	Fraach. Is it kolleezje ree om de problematyk mei de Himerterleane net wachtsje te litten op it nije GVVP en hege prioriteit te jaan?
	Antwurd: Nee, dat is it kolleezje op dit stuit net. De opfolger fan it GVVP stiet foar dit jier, 2022, op 'e planning. De kar is dan oan de rie om dizze dyk al as net in hegere prioriteit te jaan.

Foto 22-1-2022 Opnij auto yn it wetter.  
Omkeard (gelokkich net op e kop) yn e feart troch hege snelheid.



Foto's 14-9-2022 Bermen Himerterleane opfolle mei modder en pún



**Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):**

It ûndersyk fan de plysje hie enige fertraging. De earste mooglikheid foar behanneling yn it kolleezje is de twadde wike fan maart. Dan folget de reaksje